

Oan de FNP-fraksje  
t.o.f. de hear K. Fokkinga

Ljouwert, 24 novimber 2015  
Ferstjoerd, 27 NOV. 2015

Ús skaaimerik : 01261520  
Ôfdieling : Stêd en Plattelân  
Behannele troch : A. Hoks/ (058) 292 5356 of a.j.j.hoks@fryslan.frl  
Jo skaaimerik : Skriftlike fragen FNP fan 15 septimber 2015  
Taheakken(n) :

Ûnderwerp : Beantwurdig fan fragen FNP oer lûd fan windturbines

Achte hear Fokkinga,

De Steatefraksje fan de FNP hat op 15 septimber 2015 fragen oan ús steld oer it lûd fan wynturbines. Oanlieding dêrfoar wie it 'Kennisbericht Geluid van Windturbines', dat de minister fan Ynfrastruktuer en Miljeu nei de Twadde Keamer stjoerd hat. Ût ûndersyk docht bliken dat yn Nederlân de wynturbines folle tichter by wenningen stean meie as yn de lannen om ús hinne. Dat strykt neffens de FNP net mei wat it ministearje dêroer earder oan de folksfertsjintwurdiging berjochte hat. Neffens har soe de Nederlânske noarm *net* dúdlik ôfwike. Yn dat ferbân hat de FNP de folgjende fragen oan ús steld.

*Fraach 1:*  
*Binne jo op de hichte fan de ynhâld fan dit Kennisbericht ?*

Antwurd fraach 1:  
Ja, wy hawwe kennis nommen fan it Kennisbericht.

*Fraach 2:*  
*Binne de feiten sa't dy yn it ûndersyk nei foaren komme neffens jo korrekt, of hat de minister gelyk?*

Antwurd fraach 2:  
Ynhâldlik hawwe wy dêr gjin miening oer. It giet om lanlike lûdsnoarmen foar wynturbines, (ynter)nasjonaal ûndersyk dêrnei en de útkomsten fan in lanlike pilot fan it kennisplatfoarm wynenerzjy. Wy hawwe dêryn gjin wetlik (advys)foech.

*Fraach 3:*

*Wat fine jo fan de feiten sa't dy no nei foaren brocht wurde?*

Antwurd fraach 3:

Sa as oanjûn hâlde de feiten ferbân mei de lanlike noarmen foar lûd fan wynturbines. Wy binne dêryn gjin foechhawwend gesach en hawwe dêr gjin miening oer. Nederlân hantearret in fêste grinswearde foar lûd (47 dB Lden en 41 dB Lnight). Dy noarm is in gemiddelde oer de dei c.q. nacht oer in lang skoft en hâldt rekken mei it karakter fan it lûd, ynklusyf it leechfrekwente part fan it lûd.

*Fraach 4:*

*Oer de gefolgen*

*a. Kinne jo presys oanjaan hoefolle fan de wynmûnen op lân yn Fryslân no minder as 400m, minder as 800 m en minder as 900 m fan wenningen ôfsteane?*

Antwurd fraach 4a:

Nee. Wy hawwe dêr gjin systematyske data oer. Eltse wynturbine dy't yn Fryslân oprjochte is, hat foldwaan moatten oan de lanlike regels foar lûd. Dêrby moatte de grinswearden yn acht nommen wêze; allinne yn ferbân mei in bysûndere lokale omstannichheid kin dêrfan ôfwykt wurde. De gemeenten hifkje dêrop. Wy geane der fanút dat de besteande wynturbines yn Fryslân oan de lanlike regels foar lûd foldogge.

*b. Wat betsjut dit gegeven foar de omwenners, mei it each op de (noarmen foar) lûdsoerlêst?*

Antwurd fraach 4b.:


Wy ferwize nei it foarige antwurd. Wy geane der fanút dat de besteande wynturbines yn Fryslân foldogge oan de lanlike regels foar lûd.

*c. Wat binne neffens jo de gefolgen foar de wynmûnen op lân yn Fryslân?*

Antwurd fraach 4c.:

Gjin. Besteande wynturbines meie stean bliuwe. Se meie net ferfongen wurde troch wynturbines mei in gruttere ashichte en/of in gruttere diameter fan de wjokken. Wat dat oanbelanget kin der gjin sprake wêze fan ferheging fan de lûdsbelêsting fan wennings.

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, sekretaris